

ÚTNÛGING

Komponiste Rixt van der Kooij
organiseart har **Fokaal trijelûk 2023**
yn 'e mande mei Frysk en Frij.

<http://rixtvanderkooij.nl>

[Ympresjes fan Literêr te gast - Frysk en Frij](#)

> Rixt van der Kooij



Rixt van der Kooij

Fokaal trijelûk - Bewûndering

Snein 29 jannewaris 2023 - Träume

In programma om de dichteres Mathilde Wesendonck hinne. De leafste ferskynt yn dreamen. Brahms wegeret de fersen dy't Mathilde him stjoert op muzyk te setten. Hy fynt se te froulik. Rixt van der Kooij makke der in syklus fan. Wagner syn *Wesensonck-lieten* hearre ta it izersterke repertwaar. As tajefte in liet fan Brahms op in oersetting fan Piter Jelles Troelstra.

Rixt van der Kooij seit hjiroer:

*Piter Jelles Troelstra hearde de muzykûnderwizeres Hiltse Broekens [Hitje Ædes Broekens * Hallum 1867 † Amsterdam 1916] dat liet sjongen op in útfiering fan 'e Muzykskoalle yn Ljouwert. Hy makke foar har in oersetting yn 't Frysk. En doe't er dy oerlange, frege er har om faker yn har eigen taal te sjongen.*

Ik makke der in altfioel-partij by. Wy sille yn 'e kommende konserten ek mear yn 't Frysk dwaan.

De Wesendonck-lieten fan Wagner wurde prachtich songen troch Carina Vinke en de Zwei Geistliche Wiegenlieder fan Brahms binne altyd wer in genot om te spyljen en te hearren. It lûd fan 'e altfioel is der sa moai yn!

Ik ha Brahms as foarbyld nommen en ek twa Wiegenlieder makke. Dy binne let-romantysk /ympresjonistyske tinte. En op dit konsert wurde se foar it earst útfierd. In âlder stik op gedichten dy't ik yn 'e briefwiksel fûn fan Mathilde Wesendonck oan Johannes Brahms, meitsje it programma ôf.

Carina Vinke, alt / Ursula Skaug, altfioel / Rixt van der Kooij, piano.

-Johannes Brahms – Zwei Geistliche Wiegenlieder, op. 91 (1884)

-Rixt van der Kooij – Wesendonck- lieder (2006/2007/2022)

-Richard Wagner – Fünf Lieder (1858)

-Rixt van der Kooij – Zwei Wiegenlieder (2008/2022)



Carina Vinke



Ursula Skang

Snein 12 maart 2023 - Sie liebten sich beide

De pianiste Clara Wieck wie de muze fan har man Robert Schumann, mar ek fan Johannes Brahms. It ferhaal fan in trijhoeksferhâlding as ynspiraasjeboarne.

Laetitia Sprij, mezzo-sopraan / Max Bruins, tenor / Rixt van der Kooij, piano.

-Robert Schumann – Selectie uit Myrthen op. 25 (1840)

-Clara Schumann-Wieck – Selectie uit Lieder op. 12 en op. 13 (1841)

-Johannes Brahms – Vier Gesänge op. 70 (1877), Lieder op. 107 (1891)

-Rixt van der Kooij – Trije blommelieten (2009), Earme Peter (2009), Tragedzje (2023), *Heinrich Heine / Fedde Schurer*

Snein 23 april 2023 - Dichtersleafde

In jongfeint wurdt danich pleage troch in ûnberikbere leafde. De ferneamde syklus *Dichterliebe* ynspireart Rixt van der Kooij ta it komponerean fan in Frysktalige syklus op fertalingen fan Fedde Schurer.

Daniël Hermán Mostert, bariton / Rixt van der Kooij, piano.

-Robert Schumann – Dichterliebe (1842), Heinrich Heine

-Rixt van der Kooij – Dichtersleafde (2022/2023), *Heine / Fedde Schurer*

Tiid: 15.00-16.30 oere.

Yntree: € 17,50; twa konserten: € 32,50; trije: € 45,00.

Plak: Fermanje, Wurdumerdyk 18, Ljouwert.

Daliks in kaartsje keapje kin fia www.harmonie.nl

Wolle jo dizze útnûging trochmaile oan leafhawwers?